

(Samenvatting in het Nederlands onderaan.)

Mei in Fryske taalwet bin ik tige op it skik. Op de ynhâld dêrfan ha ik lykwols in protte, mar opbouwende, krityk.

1. De wet moat folle mear maatskiplike domeinen omfiemje

De wetstekst is net lykwichtich. De wet hjit ‘Wet gebrûk Fryske taal’ en kêst 1 seit dat it Frysk in offisjele taal is (njonken it Nederlânsk) binnen de provinsje Fryslân. Omdat dêr gjin beheinings by neamd binne, wurdt suggerearre dat it oer de Fryske maatskippij yn al syn hear en fear giet. En dat soe sjoen de ferwizings nei it Europeesk Hânfêst foar regionale talen of talen fan minderheden ek logysk, en needsaaklik, wêze. Mar dochs giet de tekst fierders allinnich mar oer de kommunikaasje fan boargers mei oerheid en rjochterlike macht. Der mankearret noch tekst oer it gebrûk fan de Fryske taal yn it oare maatskiplike ferkear: tusken boargers ûnderling en mei bedriuwen en organisaasjes en yn de media en yn it ûnderwiis. Dy tekst moat der perfoarst noch by. Troch ûndertekening fan it niisneamde Hânfêst hat de Nederlânske oerheid ommers eksplisyt ûnthjitten ek maatregels te nimmen om it brûken fan it Frysk te stimulearjen yn ûnderwiis (kêst 8), media (kêst 11), kulturele aktiviteiten (kêst 12) en ekonomysk en sosjaal libben (kêst 13). Ynfiering fan dy maatregels is gau nedich om de knoarre eigenheid en kultuer dy’t it Frysk ynhat noch trochjaan te kinnen oan it neiteam.

2. De wet moat de delgong fan it Frysk gau opkeare, lykas ynternasjonaal ôfpraat

It wetsútstel giet net út fan de efterstânsposysje dêr’t it Frysk al yn bedarre is: it is perfoarst net sa dat it mei it fuortheljen fan in pear wetlike beheinings fierders no allegearre wol goed komt. Der moat earst maatskiplik besjoen noch hiel wat reparearre wurde: alhoewol troch Frysktaligen yn de eigen (troch Nederlânsktalige nij-ynkommelingen hieltyd lytser wurdende) rûnten entûsjast Frysk praat wurdt en it lêzen wol aardich giet - hoewol’t hja mar komselden Frysk lêze hoege en it sadwaande dreech is dêr betûft yn te wurden - hawwe de measten nea leard it goed te skriuwen. Dat, de measte Friezen binne heal analfabeet yn harren eigen taal. Om’t yn de moderne tiid in taal dy’t de minsken allinnich mûnling brûke him net mear hanthavenje kin yn de konkurrinsje mei oare talen dy’t al skriftlik brûkt wurde, sit him dêr de oast. Op it stuit buorket it Frysk sadwaande hurd efterút, sawol kwantitatyf as kwalitatyf. Oars as mei de ûndertekening fan it Hânfêst tasein, wurdt it brûken fan it Frysk kwealk stimulearre yn ferliking mei it rûnom oanwêzige (Hollânsk) Nederlânsk. Troch mobiliteit en massamedia stie de Fryske taal al in skoft tige ûnder druk en dêr komme op it heden de sosjale media noch wer by dy’t soargje foar in tanimmende skriftlike kommunikaasje. Om’t ek de jonge Friezen noch altiten harren taal net goed leare te skriuwen, ferskood no sels hieltyd mear kommunikaasje tusken Frysktaligen ûnder inoar nei it Nederlânsk, dêr’t hja wol goed ûnderwiis yn krije. Fryske les mei dan al lang ferplichte wêze op skoalle, yn ‘e praktyk hat it neat om ‘e hakken. As it fak Frysk earder serieuus nommen wie yn it ûnderwiis, hienen de sosjale media no net sa’n bedriging wêze hoecht foar it fuortbestean fan de taal. Dat, der is ferlet fan in wet dy’t mei gauwens it brûken fan it Frysk yn alle maatskiplike domeinen en by útstek it ûnderwiis, sawol mûnling as skriftlik, stimulearret, om’t de Friezen oars harren eigen taal ferlieze. Yn guon fan de útstelde wetsteksten is it no krekt oarsom: it Nederlânsk wurdt beskerme tsjin it Frysk; de wrâld op syn kop! Om’t de ûntwikkelings o sa hurd geane, moat avensearre wurde om foar te kommen dat it Frysk as wichtich ymmaterieel kultureel Nederlânsk erfgoed fierder tebroazelet en weiwurdt (krekt as bygelyks in katedraal as men dy ferkomme lit).

3. De wet moat de macht fan ûn- en kweawilligen tebekdriuwe

Sa't ek al wer út party reaksjes by dizze konsultaasje bliken docht, wurdt it brûken fan it Frysk algeduerigen tsjinwurke troch minsken dy't eigenbelang boppe maatskiplik belang stelle. Krekt sa wurdt de fiertaal op gearkomsten aloan en wer Nederlânsk om't der altyd wol ien of twa binne dy't bewearre it oars net te ferstean. Frysktaligen wolle fansels gjin minsken bûtenslute en kinne it harren yn it maatskiplik funksjonearjen fakentiden ek net feroarloovje dêr spul oer te meitsjen. Mar dêrmei wurdt it rjocht fan Frysktaligen harren eigen taal ûnder inoar te brûken en om yn dy taal ynformaasje te ûntfangen, lykas fêstlein yn it Ramtferdrach oangeande it beskermjen fan nasjonale minderheden (dêr't de wetstekst nei ferwiisd), yn 'e praktyk o sa beheint. Dêrom soe benammen ek fan de ôfwizende reaksjes op dit foarriedige wetsútstel in positive oantrún útgean moatte om te kommen ta in wiidfiemjende wet dy't it brûken fan it Frysk yn alle maatskiplike fermiddens stipet. Net om allerhanne ferplichtings yn te fieren, mar it docht bliken dat der ferlet is fan dúdlike gedrachtsregels. As tagelyk de redens dêrefter goed kommunisearre wurde, sille fierwei de measten der úteinlik bliid mei wêze, ferwachtsje ik. Guon saken moatte no ienkear dochts regele wurde, om't se net fansels goed gean. Tink bygelyks oan ARBO-wetjouwing; as dy der net wie, wurdt misbrûk makke fan wurknimmers. It Frysk is ek te ferlykjen mei weardefolle natoer dy't ûnder druk stiet: in stekje der omhinne sette docht gjin fertuten, it is saak de optimale kondysjes te skeppen om dy fansels floareare te litten.

4. De wet moat oerheden en rjochterlike macht it goeie foarbyld jaan litte mei it brûken fan mûnling en skriftlik Frysk

Op de mêden dêr't it wetskonsept al oer giet, is it te mijen. Der wurde winliken allinnich mar offisjele beheiningen mei fuortnommen dy't der yn de deistige praktyk al hast net mear wienen. Dêr giet net de stimulâns foar it brûken fan it Frysk fan út dy't, lykas hjirboppe sketst, needsaaklik is om it trochgeande marzjinalisearjen dêrfan op te kearen, sa't de ryksoerheid ynternasjonaal ek fersprutsen hat. It soe bygelyks net allinnich tastien wurde moatte it Frysk te brûken yn de kommunikaasje mei offisjele ynstânsjes, mar it ryk soe legere oerheden en rjochtbanken just foarskriuwe moatte sels foarnamelik yn it Frysk te kommunisearjen, mei om nei de maatskippij it goeie foarbyld te jaan. It docht ommers bliken dat soks yn de hjoeddeistige maatskiplike ferhâldings net spontaan bard. Sjoch dêrfoar bygelyks mar nei de websiden fan gemeenten en sels de provinsje dêr't it Frysk net folle op brûkt wurdt. Dat is it logyske gefolch fan it feit dat it op it heden dreech is minsken te finen om dy teksten sûnder flaters te skriuwen en tagelyk de doelgroep wol sa maklik Nederlânsk lêst, om't dy de earste rykstaal op skoalle al goed leard hat. Dy situaasje sil mei in wet sa't dy no útsteld wurdt net feroarje. It Frysk soe fansels yn it offisjele ferkear wól mear brûkt wurde as sa'n wet soks simpelwei foarskriuwt. Mear as 90 % fan de ynwenners fan Fryslân kin no al Frysk lêze, al moat in fiifdepart dêrfan der wol muoite op dwaan (sifers út de Fluchhifking Fryske taal, 2007), sûnder dat der fan Frysk ûnderwiis oant no ta folle op 'e hispel kaam is en wylst de Friezen ornaris nauwerneed Fryske teksten ûnder eagen krije. Dat, de lêsefeardigens yn de Fryske taal fan de Friezen sil gau rjochting de 100 % gean as hja wat mear mei it skreaune Frysk yn 'e kunde komme en oars sil in kursuske fertuten dwaan. Dêrom soe mear skriftlik Frysk yn it maatskiplik libben al gjin grutte swierrichheden jaan moatte, mar kommunikaasje problemen binne folslein foar te kommen as teksten dan altyd nochris koart gearfetten wurde yn it Nederlânsk (lykas ik mei dizze reaksje ek doch). Foar de essinsje kin elkenien de Nederlânske gearfetting lêze, foar details en eftergrûnen de Fryske haadtekst. Yn it mûnling ferkear soe de oerheid altyd útein sette moatte yn it Frysk en pas oergean op Nederlânsk as bliken docht dat de boarger dat leaver hat. Dat jildt ek foar de rjochtbank. It brûken fan tolken, dêr't no yn de foarriedige tekst oer sprutsen wurdt, hat yn de hjoeddeiske

ferhâldings, mei in prima behearsking fan it Nederlânsk fan praktysk alle Frysktaligen, neffens my net folle doel.

5. De wet moat in tal wichtige saken yn de oare maatskiplike domeinen fluch konkreet regelje

Om 't ringen aksje nedich is, pleitsje ik der foar dat de wet noch in tal wichtige saken fuortendaliks al konkreet en yn detail regelet (lykas dat yn it tekstfoarstel sa't it der no hinneleit op in tal neffens my wat minder wichtige punten wol al dien wurdt). Ik tink oan:

- Serieus tafersjoch fan de ûnderwiisynspeksje dat learlingen it Frysk op skoalle likegoed leare as it Nederlânsk, benammen ek skriftlik. Dat is net allinnich wichtich foar it fuortbestean fan it Frysk: út ûndersyk docht bliken dat it al jong learen fan mear talen o sa goed is foar de ûntwikkeling fan bern. Sjoch yn dat ferbân it advysrapport 'Vreemde talen in het onderwijs' fan de Onderwijsraad (2008); dy rie is optein oer de mooglikheden dy't Fryslân as meartalige regio biedt.
- Easken oan kommunikaasjes fan bedriuwen dy't foar in – stadichoan oprinnend – part yn it Frysk moatte kinne soe. Dat jildt ek foar opskriften fan bygelyks winkels. Om't soks foar toeristen in wat bûtenlânske sfear opropt, soe dat boppedat mei in stimulâns wêze kinne foar binnenlânske fakânsjes (de measte ûndernimmers doare sa'n stap no op eigen manneboet net oan, dy sille in triuwke ha moatte).
- Taaleasken foar de massamedia. Kranten soenen yn Fryslân ferplichte wurde moatte ta it brûken fan in minimum persintaazje Frysk, dat oprinne kin neigeraden it skriftlik bûken fan it Frysk gewoaner wurdt. Derneist soe der in alsidige televyzjeprogrammearring komme moatte yn de Fryske taal. It kloppet net dat Omrop Fryslân, dy't in taal minderheid betsjinnet, no net mear is as oare regionale omroppen (útsein in dokumintêre op it lanlike net dy't op in ûnmooglik tiidstip útstjoerd wurdt). Om't kommersjele omroppen miene dat der net genôch mei te fertsjinjen is, leit hjir út soarte in taak foar de publike omrop.
- It mei bygelyks Postbus-51-eftige spotsjes bybringen oan de Fryske boargers fan it belang fan de eigen rol yn it behâld fan it Frysk: fansels it grutbringen fan de bern yn dy taal, mar ek it gebrûk meitsjen fan it rjocht om dy taal rûnom te hantearjen; it is wichtich dat it besef breed trochkringt dat it altyd mar wer kieze foar de maklikste wei, oergean op it Nederlânsk, it fuortbestean fan it Frysk ûnderstek docht. Oars as by ymmigranten yn it foar it meastepart ientalige Nederlân kin fan ynkommers yn it meartalige Fryslân net easke wurde it Frysk aktyf te behearskjen, mar in passive behearsking mei by it ynboargerjen wol frege wurde. In kursus is fansels oan te rekommandearjen mar gemeenten soene dêrnêst ek in netwurk fan frijwilligers opsette kinne fan taalmaatsjes om ynkommelingen op te heinen en te begelieden. Soks is fansels ek o sa goed foar de sosjale gearhing!
- Fan bedriuwen dy't Nederlânske applikaasjes fan sosjale media op de merk bringe, moat easke wurde altyd ek in ferzje mei te leverjen dy't Frysktalich gebrûk maklik makket (lykas bygelyks in oanfolwurdbok foar it SMS-en).

Dizze maatregels fuortsterkje elkoar; bygelyks it kreëarjen fan fraach nei kennis fan de Fryske taal yn de maatskippij sil it ûnderwiis foar it fak motivearje.

6. Kosten as gefolch fan in útwreide Wet gebrûk Fryske taal (sis mar Wet fiTAAL Frysk)

Fansels binne mei de hjirboppe beskreaune maatregels kosten anneks. Mar dy falle o sa ta. Om mear amtners beter Frysk te learen, sille hja op kursus moatte. Mar soks is út de wenstige opliedingsbudzjetten maklik te beteljen, al sil der ris in kursus 'effektyf kommunisearjen' sneuvelje. Foar it bedriuwslibben jildt itselde. Fryske applikaasjes foar sosjale media kostje

fansels jild, mar de fertsjinsten út Nederlânsktalige ferzjes binnen grut genôch. De needsaaklike oanpassings yn it ûnderwiis binne ferlike mei de reorganisaasjes dy't dêr geregeldwei plakhawwe ek wol oer te sjen. De Postbus-51-eftige spotsjes kinne út it besteande budzjet ornearre foar ynformaasje fan de ryksoerheid oan de boargers betelle wurde. Taalmaatsjes binne frijwilligers en kostje hast neat. It djoerste sil noch in alsidige Frysktalige omrop wêze, mar ferlike mei de totale útjeften fan de publike omrop ha dy ynvestearings ek net iens safolle om 'e hakken; boppedat is it jild maklik op te bringen fan 'e besunigings dy't dêr op it heden trochfierd wurde. Kosten foar tolken kinne ferfalle.

Gearfetting yn it Nederlânsk:

Door de hedendaagse grote overheersing van het Nederlands op alle maatschappelijke terreinen wordt het Fries zowel kwantitatief als kwalitatief zodanig aangetast dat dit belangrijke culturele Nederlandse immateriële erfgoed spoedig voorgoed verloren dreigt te gaan. Actie is heel snel nodig! Met een taalwet kunnen de bedreigingen uitstekend worden aangepakt maar die moet dan wel veel meer regelen dan het concept op dit moment nog behelst. Zo zullen overheden en rechtbanken het goede voorbeeld moeten geven in het mondeling en schriftelijk gebruik van het Fries. Door de kennis van het geschreven Fries die al bij de overgrote meerderheid van de Friese bevolking aanwezig is en het relatieve gemak waarmee deze taal voor Nederlanders is aan te leren, zou dat geen onoverkomelijke problemen moeten hoeven opleveren. Vooral veel meer schriftelijke communicatie is wezenlijk voor het voortbestaan van de taal. Voorts zal de reikwijdte van de wet moeten worden uitgebreid naar onderwijs, media, cultuur, economie en sociaal leven; zoals ook in internationale verdragen toegezegd. Om de trend van steeds verdere teloorgang van het Fries om te buigen, is het nodig dat op al die maatschappelijke terreinen het gebruik van deze taal wordt gestimuleerd door middel van concrete en snel te implementeren maatregelen. Daarbij mag niet worden teruggeschrokken voor heldere regelgeving om tegenstanders (zie bijvoorbeeld een aantal reacties in deze consultatieronde), die handelend vanuit eigenbelang de rechten van de Friestalige minderheid met voeten treden, de wind uit de zeilen te nemen en om duidelijkheid te scheppen voor het maatschappelijke taalverkeer. Voor de noodzakelijke stimulerende maatregelen die de taalwet zou moeten regelen, denk ik voorts aan leerdoelen in het onderwijs die voor het Fries gelijk zijn aan die van het Nederlands en die daadwerkelijk worden gehandhaafd, taaleisen aan de communicaties van bedrijven, waarvan een geleidelijk oplopend deel in het Fries zou moeten zijn en het creëren van volwaardige Friestalige massamedia. Voor de sociale media zijn hulpmiddelen van belang om het gebruik van het Fries daarin te vergemakkelijken, net zoals die er ook voor het Nederlands zijn. Overheidsvoorlichting over doel en achtergrond van de maatregelen is eveneens van groot belang. Aan dit alles zijn natuurlijk kosten verbonden, maar die zijn in het licht van vergelijkbare andere uitgaven heel goed te overzien.

Nanne Hoekstra